

## **Myn reis nei it tsjerkje fan Wyns** *Jan van der Zwaag*

### **It lûd fan de ljippen: Vivit, vivit...**

Op sneintemoarn 7 april 2019, twa wike foar Peaske, bin ik nei in tsjerketsjinst yn Wyns west. Om 11.00 oere waard dêr yn de iuwenâlde Vitustsjerke oan de Dokkumer Ie in Fryske tsjinst hâlden. Ik hie der noch mar ien kear earder in tsjerketsjinst meimakke, dus waard it wolris tiid. It doarpke Wyns heart by de Protestantske Gemeente Trynwâlden (PGT) dy't yn 2008 ta stân kaam. De Wynzer Vitustsjerke, dy't fiif jier letter oernaam is troch de Stichting Kulturele Tsjerke Wyns, is noch ien fan 'e seis tsjerken wêryn't de Protestantske Gemeente Trynwâlden harren tsjinsten hâldt. Yn Wyns ûngefear seis kear yn 't jier. Foar my, as Oentsjerkster leit Wyns, krekt sa as Readtsjerk, wêr't ek sa no en dan noch preke wurdt, al hielendal op it fuottenein. Mar hawar, it wie moai waar en op 'e fyts, binnetroch oer de Wynzerdyk, wie't net iens sa fier. Ik wie moai op tiid en healweis, op 'e Moarksbrêge, ha ik in skoftsje stilstien. Hjir hie ik moai sicht op 'e toer fan de Paulustsjerke yn Aldtsjerk en it spitstuerke fan de Martinustsjerke fan Gytsjerk. Dizze Middeliuske tsjerken en ek de Mariatsjerke en Untmoetingstsjerke yn Oentsjerk behearre ta oan de PGT. Ik frege my ôf hoelang sille sy noch tsjinst dwaan en it doel wiermeitsje wêr't ús foarâlders se destiids foar boud hawwe? Hoelang sil ús gemeente se noch ûnderhâlde kinne? Hooplik sille harren tuorren noch hiel lang as beaken nei 'boppe' wize, sy binne eins in mienskiplik besit fan de hiele Trynwâldster befolking. Tsjerklik of net tsjerklik, se hawwe in funksje en elts sil hooplik begien wêze mei harren takomst. Ja, sa liet ik myn gedachten doe gean, mar ik moast wer fierder.

Doe't ik dernei wer troch it iepen lânskip fytste, seach en hearde ik alderhande wetter- en greidefûgels om my hinne. Mei dit moaie maitiidswaar lieten sy har folop hearre.

Machtich moaie lûden fan einen, strânljippen, skriezen en tsjirken, elts mei syn eigen lûd. Ek hearde ik it bekende lûd fan de ljippen: *kiewiet, kiewiet...*

Ik moast doe fuort tinke oan de bekende dûmny-dichter Jaap Zijlstra, dy't al hiel lang ferlyn, op in Peaskemoandei, alris by ús preke hat. Dizze dûmny frege fuort oan it begjin fan 'e tsjinst: *'Hebben jullie vanmorgen de kieviten al gehoord?'* Hy foege der fuort oan ta: *'Ik wel, ze riepen: vivit, vivit..., wat in het Latijns betekent: 'Hij leeft...'* Oan it gerûzemûs yn 'e tsjerke wie wol te fernimmen dat dit nijs foar de measten in komplette ferrassing wie. Ek foar my, ik bin dizze wurden ek nea wer fergetten, dat blykt no wol.

Myn reis nei Wyns sette dus goed yn, ik hie ûnderweis eins al in preek meikrige. Mar yn it tsjerkje fan Wyns wie it ek tige goed. Nei in hertlike ûntfangst mei kofje, oanbean troch inkele gastfrije Wynzers, naam ik plak yn it kostersbankje, in moai plakje. Ik koe my rêstich deljaan, want de foargonger, ús eigen dûmny Hille Vlasman en oargelist Sebastiaan Schippers kamen wat letter, sy hiene al in tsjinst yn de Untmoetingstsjerke fan Oentsjerk efter de rêch. Dizze tsjinst mei in protte sjongerij wie wat útrûn, dus fan dêr. Yn it smûke tsjerkje sieten mei-inoar 41 minsken. De skriftlêzing en oertinking stienen yn it teken fan sykte en dea, dit nei oanlieding fan it bekende ferhaal oer de dea en opwekking fan Lazarus út Jehannes 11. Neffens dûmny Vlasman stiet net de persoan Lazarus yn dit ferhaal sintraal, mar it feit dat Jezus begien is mei alle minsken dy't mei sykte en dea te krijen hawwe. De konfrontaasje mei weromrinnende sûnens hat faak fiergeande gefolgen, sawol foar it eigen libben as fan de minsken om ús hinne. Wy witte ús somtiden gjin rie en sitte faak mei ús 'wêroms', dochs meie wy witte dat Jezus ús altyd neiby wêze wol, sa waard ús foarhâlden. Dizze ferhelderjende en bemoedigjende útlis joech wer moed en hope foar de takomst. 't Is hast Peaske: *vivit, vivit...*

Fan dizze Jaap Zijlstra (1933-2015) fûn ik letter ek noch in prachtich foarjiersliet, wol yn't Nederlânsk, mar wol moai passend by dit ferhaal. De melody is op 'e wize fan it bekende liet 'Daar juicht een toon'.

### **Voorjaarslied**

*De lente maakt de stemmen los  
in dorp en stad, in park en bos,  
elk vogeltje in Gods natuur  
zingt blij zijn eigen partituur.  
Langs waterlopen klinkt het lied  
van rietzanger en karekiet,  
in 't veld roert zich de leeuwerik,  
de kievit roept: vivit, vivit! De merel in z'n zwarte pak  
fluit een cantate op het dak,  
in 't laaghout voert met fijn geluid  
de tjiiftjaf zijn muziekje uit.  
De geestdrift van de nachtegaal  
maakt van de nacht een kathedraal,  
zijn lied verleent de duisternis  
een glans die van de hemel is.  
Nog eer het morgenlicht ontwaakt,  
de einder voor ons zichtbaar maakt,  
is reeds het vogelkoor op dreef  
en zingt de zon over de schreef.  
Dat is geloof, al zien we niet,  
we zingen in de nacht ons lied,  
een glans ligt over het bestaan,  
de dag van onze Heer komt aan!*